

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Underwerp: Nije fertraging projekt breedbân ynternet
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De FNP-fraksje is by tafal op it nijs ¹² stuite dat it der op liket dat KabelNoord foar it projekt Breedbân ynternet nei alle gedachten net binnen de kontraktuele termyn fan 13 wiken de rjochtsjildige oerienkomst mei de provinsje tekenje kin. Dat omdat KabelNoord neist de efterstelde liening mei de provinsje Fryslân noch € 60 miljoen nedich hat fan de banken. Probleem is dat sûnder dy oanfoljende finansiering KabelNoord net begjinne kin mei de oanlis fan glêsfezel yn de bûtengebieten fan Fryslân.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is boppesteand nijs ek by it Kolleezje bekend? Sa ja, hat KabelNoord DS dêr sels fan op 'e hichte steld en wannear? Wêrom is dat oant no ta noch net dield mei de Steaten? 2. Kloppet de ynformaasje dy't yn de berjochten fan Telecompaper en VerbindDrenthe stiet? Sa ja, wat is dêr de reaksje fan DS op? 3. Hawwe DS al reagearre/aktearre nei oanlieding fan it nijs? Sa ja, wat sil dien wurde om in mooglik útstel fan it tekenjen fan de rjochtsjildige oerienkomst, en dêrmei fan de wurksumheden, foar te kommen? Kin de provinsje Fryslân sels ek war dwaan om in fluggere beslútfoarming te befoarderjen? 4. Binne der sowieso sinjalen dat de eksterne finansiering (troch de banken) mooglik net slagje sil? Kin it Kolleezje fan DS yngean op de fraach wêrom't dit by de beslútfoarming troch de Steaten yn jannewaris 2017 troch DS net as in risiko yn it PS-stik beneamd is? Is op himsels wol nei dit risiko sjoen? 5. Wat is de aktuele ferwachting wannear't it 'echte wurk' begjinne kin (de sprekwaardlike skeppe yn de grûn)?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, S. Posthumus
---------------	--

Datum	18 ^e fan wintermoanne 2017
-------	---------------------------------------

¹ <https://www.telecompaper.com/nieuws/kabelnoord-heeft-60-miljoen-euro-nodig-voor-verglazing-fries-buitengebied--1223424>

² <https://verbinddrenthe.nl/nieuws/kabelnoord-heeft-60-miljoen-euro-nodig-voor-verglazing-fries-buitengebied>